

Kritelûd



18 jannewaris 2024

Sippy Tigchelaar

breamiel

jiergearkomste (opheffe of net)

yn de Fermanje



1919 SJOUKE KOOPMANS MODE MEPEL 2019

LEXIS notarissen 


Meppel Brouwersstraat 8 0522 25 28 50

www.lexisnotarissen.nl
notariaat / estate planning / echtscheiding

**FRYSK SELSKIP
"WALING DYKSTRA"
MEPPEL E.O.**

OPRJOCHTE 24 FEBREWARIIS 1924

Foars.: Ludzer v.d. Schors Pongh.: Edzer Kooistra
Veendijk 37 Logten 13
7971 RP HAVELTE 8431 KR EASTERWALD



Waling Dykstra
gipsgravure fan
Pier Pander

Lid fan it Frysk Boun om Utens

Fan'e foarsitter

It duorre in skoftsje foar't ik nei de hektyk fan it jubileum wer thús wie yn ús eigen hûs. It grutste gefaar om te stroffeljen oer steapeltsjes dokuminten wie foarby, mar je wisten noch net as it alhiel oer wie. Hjir en dêr wie wer in map iepenslein en heal iepen lizzen bleaun. De skiednis fan'e Krite hie my bytiden noch knap yn'e besnijing. De kritejûn fan novimber wie de oantrún foar 'back to normal', mar dat foel ôf. Dêr't wy op hope hiene bleau út. Der wie gjin dûbeltsje ekstra oerbleaun. Wy moasten it krekt as altiid dwaan mei de hân op'e knip. Ik kom hjir letter wer op werom.

4 novimber wie in moaie jûn. Us leden en in stikmannich 'passanten' har harren gâns fernuvere oan it profesjonele spyljen fan beide dochters fan Klaes Westra. Dochs wie it mear as allinne de neilittenskip fan Pake. Der wiene eins twa yngongen. Dochter Aeltsje bleau mear yn'e styl fan Pake en naam jin wat mear mei nei de âlde tiid. Dochs ek wol mei in knypeach nei de pseudo-problematyk fan hjoed. De stap oer'e drompel fan it Provinsjehûs mei in miljeuitem ynsteefan it ljipaaï wie in skot yn'e roas. Spitich dat kommissaris Arno Brok wat yn'e ûnderklean bleau. It is de fraach as syn namme allinne bûten de provinsje emoasjes opropt. Hy hie better fertsjinne sjoen syn krewearjen foar it Frysk en ek it Bûn. De twadde yngong, nei it "Me too" fan hjoed, hie in wat mear oanklaaide yntroduksje ha mocht, mar mei de 'performance' wie neat mis. As de beide dames woene soe der foar harren folle mear yn sitte

Moai wie ek 'it werom nei eartiids' fan ús lid Aldert Huisman. Kaam by de measte leden de namme fan Klaes Westra net út boppe it skaad fan tiidgenoaten Tetman en Jarich de Vries. As soan fan de útbater seach hy it selskip wer thús yn'e seal en wist hy te fertellen dat Heit en Mem by de Westra's op besite giene. In moaie jûn mei in profesjoneel selskip.

Op **18 jannewaris** om 15:30 nimt **Sippy Tigchelaar** ús mei oan board en fertelt se "Verhalen Boven Water" út it boek "Schippervrouwen" dat se skreau mei Alice Booij. Wy kinne har faaks better as hurddrydster, mar ek hjir docht se mei oan de top.

Nei Sippy komt de **Jiergearkomst**. It wurd is oan de leden. Hoe moat it fierder mei de Krite?

It bestjoer sjocht de bui hingjen, mar de leden binne de baas. Oan alles komt in ein. Sa ek hjir. Wurdt it allegeare net wat te lyts en te smel? Kin it hantsjefol leden noch genôch jild op it kleed lizze om trije goede programma's del te setten? Sitte dêr ek genôch minsken tusken dy't iepen plakken yn it bestjoer opfolje wolle en kinne?

Wy sille as bestjoer it mar werris oan de leden foarlizze om der oer nei te tinken en te reagearjen. Sjoch fierder ek op de "Bestjoerstafel".

It jild wie op mei it Breamiel yn jannewaris. Wy soene noch ôfslute kinne mei: "in hapje en een drankje". Dêr past it Hollânsk moai by. Yn it Frysk heart it krinterich (dêr binne ek noch oare wurden foar). Op de 18de sil ik noch wol útlizze hoe't wy by ûngelok en faaks slûch-slim oan in passend ôfskied kaam binne.

It Nijjersprogramma wurdt ôfsluten mei it **Breamiel**.

Op **15 maart 2025** spilet foar ús it toanielselskip Lytse Komeedzje út Drachten de komyske thriller "Fan Hûs en Hiem"

Ludzer van der Schors,
foarsitter

Kritejûn 18 jannewaris 2025

yn de Fermanje oan de Vledderstraat 20 yn Meppel (mei lift).

15:30 Sprekster Sippy Tighelaar mei ferhalen út har boek
"Schippersvrouwen".

17:00 Jiergearkomste

17:30 Breamiel

19:00 Sluten

Kostebydragen

Sprekker € 7,50 (net-leden)

Breamiel € 12,50

Ferfier

As der minsken binne dy't it ferfier wat nuodlik fine, dan graach by it bestjoer melde. Lyksa wurde minsken socht dy't helpe wolle by it ferfieren fan leden.

Jiergearkomste – wurklist

1. Iepenjen en wolkom om 17:00
2. Oantekens jiergearkomste 20-1-2024
3. Ynkommen en útgjene stikken
4. Jierferslach 2024 (sjoch dit Kritelûd)
5. Jierrekken 2024 (wurdt op de gearkomste omparte)
Ferslach fan de kaskommisje. Beneamen nije rekkenopnimmers.
6. **Feriening opheffe of net?**
Wy ha no noch 40 leden, it jild is sawat op, wy kinne yn maart noch ien kear wat dwaan, en dan soe ek it doek falle moatte.
Sjoch hjirûnder by "Fan'e bestjoerstafel".
7. Begrutting 2025 (wurdt op de gearkomste omparte)
8. Wat fierder op it aljemint komt / Omfreegjen
9. Sluten om likernôch 17:30

Breamiel – opjefte by it bestjoer

De ideale gelegenheid om ris noflik by te praten en nije minsken kinne te learen. Fansels ha wy ek Fryske sûkerbôle!

Jimme kinne jim noch oant **15 jannewaris** ta opjaan by de bestjoersleden. Dat kin fia de tillefoan, oer de post (in simpel briefke is al goed) of per e-mail.

Oantekens gearkomste 20-1-2024

Ferslach fan de Algemiene Ledegearkomste op 20e fan foarmoanne 2024 yn de Fermanje

1. Iepenjen om 17:08, in bytsje letter

2. Oantekens 2023: eltsenien is it der mei iens
3. Ynkommen en útgien: der hat û.o. korrespondinsje west mei Waling Dykstra, neiteam fan de skriuwer.
4. Jierferslach 2023: oannommen.
5. Jierrekken 2022: Kasko Piet Meijer en Reinie Mennens. Alles wie perfekt ynoarder. Mei applaus décharge.
Nije rekkenopnimbers foar 2024 binne Reinie Mennens en Wim Koopmans.
6. Begrutting 2024: de ein fan it jild is te sjen. Yn alle gefallen kinne wy noch de novimberjûn hâlde en it breamiel yn jannewaris.
7. Jubileum op 16-3-2024. It wurdt kombinearre mei de jiergearkomste en moetingdei fan it Boun. Der is in draaiboek fan 17 siden!
Gemeente Meppel hie noch nea fan ús krite heard, wat by ús de reaksje opropt: "gjin wûnder, wy besteane ek noch net sa lang, earst 100 jier". Yn alle gefallen komt de boargemaster del.
It útstel om foar it jubileum tydlike lidmaatskippen yn te fieren wurdt oannommen.
8. Aljemint / omfreegjen. Gjin bisûnderheden.
9. Sluten om 17:26. Der wiene 21 leden.

Jierferslach 2024

Bestjoersgearstalling en karkommisje

It bestjoer bestie yn 2024 út: Ludzer van der Schors (foarsitter), Romke E. Egbers (skriuwer / redaksje), Edzer Kooistra (1e ponghâlder), Menno Fleischer (2e ponghâlder) en Leny Altena (karkommisje)..

Kritejûnen

Op **20 jannewaris** koene wy wer ús nijjersmiddei hâlde. As sprekker hiene wy libbene leginde Eeuwe de Vries. Hy wie de jongste toerrider út 'e hel fan 1963, de Alvestêdetocht op 18 jannewaris fan dat jier. Dêrnei hiene wy de jiergearkomste en it breamiel. Der wiene likernôch 20 dielnimmers.

Op **16 maart** wie ús grutte dei: 100 jier krite. Yn gearwurking mei it Frysk Boun om Utens koene wy as gasten ûntfange: Goffe Jensma (perfester yn Grins), Abe de Vries (skriuwer) en Waling Dykstra himsels. No ja, net de skriuwer fan doedestiids, mar de oerpakesizzer mei deselde namme. Undernimmer "Waling Dykstra IV" hâldt de namme fan de skriuwer heech mei de "Waling Dijkstra-Stichting".

As bisûndere gasten hiene wy ek diptearre Eke Folkerts en boargemaster Richard Korteland, dy't ús hertlik lokwinsken mei it jubileum.

Hichtepunt wie fansels ek de prissentasje fan ús jubileumboek "100 jier Waling Dykstra – Meppel", útjûn fan Jitske Kingma. Musikaal waard de dei begelaat fan trûbadoer Piter Wilkens.

De tige slagge dei waard ôfsluten mei in sineesk buffet. Yn wikseljenden oantallen wiene der op dizze dei 30 oant 40 dielnimmers.

En op **2 novimber** wie ús hjerstjûn. Foar in publyk fan likernôch 25 leden en 5 belangstellende brochten Aeltje Walsma en Gea Verhaag yn allerhand sketches de oantins ta harren pake Klaes Westra werom. Westra wie yn de jierren 1950 – 1960 ien fan Fryslâns bekindste kabaretiers, sjongers en akteuren.

Kritelûd en oare publisiteit

Wy ha noch altyd 4 advertearders.

Frysk Boun om Utens

De krite is oansluten by it Frysk Boun om Utens. De femylje Van der Schors hat ús ek hjir fertsjintwurdige.

16-03-2024 Jiergearkomste en Moetings- en ynspiraasjedei yn Meppel. Dizze dei waard kombinearre mei ús eigen 100-jierrich jubileum.

Ledeferrin

Wy moasten ta ús fertriet ús âld-foarsitter oan de dea ferlieze:

<p style="text-align: center;">Paulus Klaas Hoekema Ljouwert, 21-10-1931 - Meppel, 7-2-2024</p>
--

Ek hy hat it jubileum, dêr't er noch oan meiwurke hat, net mear sels meimeitsje.

It jier begûn mei 39 (gjin 45) leden per 1-1-2024. Der binne 3 nije leden by kommen en ien stoarn. No steane der dus, per 1-1-2025, 41 minsken op de list as aktyf lid.

“Schippersvrouwen”

Sippy Tigchelaar

18 jannewaris yn de Fermanje

Skriuwster Sippy Tigchelaar nimt ús fia de yndrukwekkende en faak oangripende ferhalen fan fyftjin skippersfroulju mei nei it hurde libben oan board fan in skûtsje. Tegearre mei Alice Booy skreau se dêr in boek oer: ‘Schippersvrouwen, verhalen boven water’. It boek is op 8 maart 2023 - Ynternasjonale Frouljusdei - presintearre yn it Fries Scheepvaart Museum. It boek is no yn de fjirde edysje.


Sippy Tigchelaar makket mediaproduksjes, is deifoarsitter en is lifestylecoach yn Wolvegea. Hja wie jierrenlang ferslachjouwer by Omrop Fryslân.



De famyljeferhalen dy't sa ferbûn binne mei de âlde frachtskippen hawwe har altyd fassinearre. It wie net sûnder reden dat se mear as 35 jier op de radio ferslach die fan it skûtsjesilen. Om dizze ferhalen út 'e mûle te hearren fan 'e froulju dy't sels frachtferfier ûnder seil meimakke hawwe, besleat se harren te ynterviewjen. "Ik woe se sels freegje, foardat it te let wie." Dat resultearre yn in prachtich boek, mei bysûndere portretten, yndrukwekkende ferhalen en moaie âlde foto's fan skippersfamljes.

Sippy fertelt entûsjast oer de petearen mei de froulju fan de skippers. "It is opfallend hoefolle de froulju, dy't al op hege leeftyd binne, noch witte fan dy tiid. As wy in ôfspraak makke mei in skippersfrou, sei se faak dat der eins neat te fertellen wie. Mar as se ienris begongen oantinken op te roppen, folgen der al gau mear. Op dizze manier krigen wy in pear prachtige ferhalen boppe wetter."

It libben oan board wie dreech. Der wie net folle omtinken foar fertriet en emoasjes. Famyjelibben fûn plak yn in pear kante meters. Yn it lytse roefke waard iten sean, de wask dien en de bern boarten dêr ek. Dêrneist wurken de froulju ek tige hurd opn it skip. Sippy: “Hja stiene faak oan it roer of de fok, of rûnen yn de 'beage' om it skip te lûken as der gjin wyn stie. In protte froulju holpen ek by it laden of lossen fan de fracht. Sûnder it sels te realisearjen wiene it eins tige emansipearre froulju dy't in wichtige bydrage levere oan de Fryske ekonomy.”.



Mear ynformaasje

Hja hat har eigen webstek (sipytygchelaar.nl)..

Flecht op'e koai?

Nei de twadde wrâldkriich soe alles oars wurden. Elts minsk krige in eigen identiteit. Us heit ferstoar doe't ik krekt trije jier en trije wiken wie. Dat wie yn de lêste oere fan de lêste moanne fan it lêste oarlochsjiar. It wie al frede. Hoe oars is oars. Us Mem wie fleurich, dy't wat dwaan wurde moast, eamele nea, mar pakte oan. Dan wiene dingen dien foar't it probleem ûntdútsen wurde koe. Hja hie humor en boarte mei taal. Hja hie har eigen fokabulêr. Boeken wiene freonen, mar tagelyk fijannen. Dy lieten har net earder los as nei de stip op de lêste blêdside. Dan stie it hûs noch op'e kop, wie it iten net gear - as slimmer noch - ferbaarnd. Hja hie de wyn der ûnder. Mei mekoar moasten se troch de tiid. “Ik kin net”, leit op't tsjerkhôf en “Ik wol net”

leit der nêst. En “wolle” sit op’t skiep. Hoe oars wie oars. “United we stand”. De húshâlding, de famylje, de buorlju, de tsjerke, it doarp, Fryslân. Men wie diel fan it gehiel. Allinne as elts kamrêdsje mei die, bleau in horloazje by de tiid.

De minske is ûnfrij. Tsjerke wie represje. De pastoar hâlde it tal fan bertes by. It moast oars. It moast gean om de eigen identiteit. Elts minske moast himsels, harsels, it sels wêze kinne. Fuort komme der problemen. Ik hie leard: “Alle minsken binne gelyk” mar “Der binne twa soarten”: manlju en froulju. Wy witte no wol better. It tal soarten is like great as it tal minsken Noch greater is it tal problemen dat men der mei meitsje kin.

Mar goed: elts minsk: in eigen identiteit. Om dat te berikken waarden der fan dy tiid ôf gjin gewoane bern mear berne mar der kamen allinne prinskes en prinseskes. Dat binne hearskers by berte en wend dat de wrâld om harren draait. Tajaan oan in oar is swakte en jout gjin inkelde bydrage oan de eigen identiteit. Sa waakst generaasje nei generaasje op mei it byld dat it yn de wrâld om harren draait. Dat is dan ek it sintrale doel. Jin ynsette foar in oar is allinne funksjoneel as men der sels better fan wurdt. En alles is te keap.

L. Pyk

It ferienings-horloazje

L. Pyk syn Mem sei al: “allinne as elts kamrêdsje meidocht, bliuwt in horloazje by de tiid”.

Kin men minsken freegje de skouders ûnder de krite te setten? Freegje kin men grif, mar it antwurd kin men jinsels betinke. As men grut brocht is yn’e: “IK-Kultuur” past it “Wy-tinken” net by jins identiteit. Men begrypt it net. Foar in pear sinten is men yn Ljouwert. Dêr is fan alles te keap. Men kin hin en wer as de wyn en mei in pear sinten kin men oeral “sjoppe”. Men docht allinne wat jin sels op it stuit foar’t sin komt.

Foar in nij bestjoer moatte we werom nei it âlde besef dat in klok allinne troch tikt as alle lytse en grutte kamrêdsjes troch draaie. Der binne no sels guon dy’t in stap oerslagge en sizze: “De oare moat fine wat ik fyn en oars komme se der wol efter. As ik fyn dat se minder

autoride as fleane moatte, dan gean ik op de autodyk lizzen". Sa set men de eigen identiteit krêft by – it super ego. As bern hie men al leard dat de wrâld om jin draait en as men jins sin net krije stoart de wrâld yn. De blokkade fan de sels-ekpressy. Sa komt de eigen wrâld yn dwersichheid oan de ein. Men sil de hiele wrâld mar op'e nekke ha. Dan tink ik oan ús Mem en har advys "Yt no earst dyn brij mar op. Der wurdst sterk fan".

Nei it boppesteande ha jo wol troch dat de oanwaaks fan nije bestjoersleden yn'e widze begjint en net earder kâns fan slagjen hat as wy wer "Berntsjes fan'e selde team" wurde wolle.

Ludzer

Fan de bestjoerstafel

Winsken

It besjoer winsket alle leden, net-leden en lêzer moaie krystdagen ta en in goed útein.

Kontribúsje 2025

De ponghâlder freget foarearst te wachtsjen mei it beteljen fan de kontribúsje foar 2025. Wy wolle earst op de jannewarigearkomste sjen hoe't wy fierder geane en watfoar bydrage dêrby past.

Kontribúsje 2024

Fansels is eltsenien, dy't noch fergetten hat, de kontribúsje oer 2024 te beteljen, fan hert útnoege om dit foar de ein fan dit jier te dwaan. Dan hawwe wy ek in better ynsjoch yn ús likwide tastân.

Feriening opheffe?

Hjir noch in pear tinzen, dy't wy ek al yn it Kritelûd fan novimber opskreaunen.

Koart troch de bocht sein: it jild is op en dus hâldt de Krite op.

Der is noch genôch for novimber 2024 en jannewaris 2025. It is net oars.

Wy binne fan miening dat de leden it lêste wurd ha.

Wy kinne noch wer in jier ledejild freegje en wer in programma meitsje. It sil net oan it bestjoer lizze, mar is $40 \text{ (leden)} \times \text{€}25 = \text{€} 1000$ genôch foar 3 jûnen?. Of wolle wy mear betelje. Op 18 jannewaris kin it allegeare oan'e oarder komme.

Mochten wy beslute de feriening op te heffen, dan soene wy op 15 maart noch de ekstra opheffingsgearkomste hâlde moatte. De toanieljûn mei it selskip út Drachten soe dan in prachtige ôfsluting wêze fan mear as 100 jier Fryske kultuer yn Meppel.

It wurd is oan'e leden.....

In leaf lyts boekje

Ryp en Grien

Op it jubileum is it boekje "100 jier Krite Waling Dykstra yn Meppel" prissentearre. Der binne grif noch minsken dy't in ekstra eksimplaar ha wolle foar bern, freonen en buorlju. Ek ús susterkrite kinne noch neibestelle, fansels.



In lyts leaf boekje: 100 jier Krite Waling Dykstra (yn kleur)
By ús te keap foar € 15. Ek te keap by útjouwerij Elikser fan Jitske Kinga.
www.elikser.nl/webshop/

It boekje stie op'e priemmen en soe ôf. De foarm feroare nei't de tiid ferrûn. Lykas wy thús seine: "Wa't it wit, mei it dwaan en wa't it docht mei it witte".

By us te keap foar €15. Earste útjefte (op is op).

Aginda 2025

Mear ynformaasje by it bestjoer en op ús webstek

- 18 – 01 – 2025 Jiergearkomste. Opheffen of dochs net?
Sippy Tigchelaar fertelt oer har boek
"Schippersvrouwen".
- 15 – 03 – 2025 "Fan Hûs en Hiem" – in komyske thriller fan
toanielselskip Lytse Komeedzje út Drachten
En dêrnei faaks ús opheffingsgearkomste.

Herman Jubbega



Blankenstein 520 MEPEL
0522 - 24 25 25
www.hermanjubbega.nl



SINDS 1925
PASVEER

Meppel
Heerenveen
Sneek
Drachten
Emmen
Zwolle

En 24 uur per dag
Pasveeronline.nl

Dizze side is leech bleaun foar jo eigen tekenings en notysjes.

SELSKIP “WALING DYKSTRA”
MEPPEL E.O.

KONTAKTADRES:

Veendijk 37, 7971 RP HAVELTE
walingdykstra@kpnmail.nl
www.walingdykstra.frl

BESTJOER:

Ludzer van der Schors,
foarsitter
Veendijk 37
7971 RP HAVELTE
till. 0522 – 49 23 63
e-mail:
l.vander.schors@hetnet.nl

Romke E. Egbers, skriuwer
post: sjoch it kontaktadres
till. 00 - 49 - 4839 - 953 952 1
e-mail: walingdykstra@kpnmail.nl

Edzer Kooistra, 1e ponghâlder
De Logten 13
8431 KR Easterwâld
till. 06 – 44 86 07 35

Menno Fleischer, 2e ponghâlder
Grote Oever 156
7941 BJ Meppel
till. 0522 - 859233

Leny Altena, karkommisje
Bezettingslaan 78
7943 CN MEPPEL
till. 06 – 52 69 73 40

Aldert Huisman
(gjin bestjoerslid)
Prins Hendrikkade 197
7941 MD Meppel

Kritelûd
Kopij nei:
walingdykstra@kpnmail.nl
of per post:
Veendijk 37, 7971 RP
Havelte

BANK fan de Krite
IBAN: NL35 RABO 0341 8122 93
BIC: RABONL2U
op namme fan “Waling Dykstra”

Keamer fan Keaphannel: 04061102

IS JO BUORMAN AL KRITELID?